

31 En wannear 't de Minskesoan komt yn syn keninklike weardichheid en alle ingels mei Him, dan sil Er sit nimme op syn keningstroan. 32 En alle folken sille dan foar Him byinoarbrocht wurde, en Hy sil se útinoar helje, lykas in hoeder de skiep en de geiten útinoar hellet. 33 En hy sil se opstelle, de skiep oan syn rjochterkant, en de geiten oan syn linkerkant.

34 Dan sil de kening sizze tsjin deselden oan syn rjochterkant: Kom, jimme dy't troch myn Heit seinige binne, ûntfang as jim erfskip de hearskippij dy't foar jim klearlein hat sûnt it begjin fan 'e wrâld. 35 Want Ik hie hunger en jimme hawwe My te iten jûn, Ik hie toarst en jimme hawwe My drinke litten, Ik wie frjemd en jimme hawwe My meinommen, 36 neaken en jimme hawwe My wat oandien, Ik wie net goed en jimme hawwe om My tocht, Ik siet yn 'e finzenis en jimme binne by My kommen.

37 Dan sille de rjochtfeardigen Him antwurdzje: Hear, wannear hawwe wy Jo dan sjoen mei hunger, en fieden, of mei toarst, en drinke litten? 38 En wannear hawwe wy Jo dan as frjemd sjoen, en meinommen, of neaken, en wat oandien? 39 En wannear hawwe wy Jo dan net goed sjoen of yn 'e finzenis en hawwe wy Jo opsocht? 40 En de kening sil harren dan antwurdzje: Jawier, Ik sis jimme: neigeraden dat jim wat dien hawwe foar ien fan myn minste bruorren dêr, hawwe jim dat foar My dien.

41 Dan sil Er ek tsjin deselden oan syn linkerkant sizze: Sjoch dat jim by My wei komme, jim dy't ferflokt wurde nei it ivige fjoer dat klearstiet foar de duvel en foar syn ingels. 42 Want Ik hie hunger en jimme hawwe My net te iten jûn, Ik hie toarst en jimme hawwe My net drinke litten, 43 Ik wie frjemd en jimme hawwe My net meinommen, neaken en jimme hawwe My net wat oandien, net goed en yn 'e finzenis en jimme hawwe net om My tocht.

44 Dan sille se antwurdzje, krekt gelyk: Hear, wannear hawwe wy Jo dan sjoen mei hunger of toarst of frjemd of neaken of net goed of yn 'e finzenis en hawwe wy Jo dan net bystien? 45 Dan sil Er harren antwurdzje: Jawier, Ik sis jimme, neigeraden dat jim wat net dien hawwe foar ien fan dy minsten, hawwe jim it ek net foar My dien. 46 En dy sille fuortgean ta ivige straf, mar de rjochtfeardigen ta ivich libben.

Dit is de lêste gelikenis út in rige fan trije dy't fanâlds op 'e sneinen foar de lêste foar de Advint lêzen waarden, in gelikenis dy't heal oerrint yn in beskriuwing fan wat letter bekend wurden is as it lêste oardiel. Wy ferjitte faak, dat yn 'e Midsieuwen de minsken dy't yn tsjerke kamen alle kearen hjirmei konfrontearre waarden: boppe it alter wie steefêst in skildering te finen fan Kristus as kening fan 'e wrâld, mei links en rjochts fan Him de twa groepen minsken. De iene groep bedarret by it feest, de oare groep wurdt troch duvels meislept nei it fjoer.

*hearlikheid of weardichheid?*

Wat de oersetting oanbelanget is dit stik net hiel spannend. In punt dat ik mei sin wat dúdliker nei foaren ta brocht haw, is dat it wurd dat wy wend binne om mei 'hearlikheid' of 'gloarje' wer te jaan, ek slaan kin op de *weardichheid* fan in kening. Just by dit stik past dat presys, omdat de Minskesoan (Jezus dus) yn fers 34 (en oare fersen) ek direkt oantsjut wurdt as 'kening'. De 'troan fan syn hearlikheid' betsjut dan ek gewoan: *syn keningstroan* of *syn keninklike troan*.

*bokken of geiten?*

Wat grif opfalle sil, is dat de tradisjonele 'bokken' hjir no *geiten* wurden binne. Hoe sit dat? Alderearst: it Grykske wurd hjirre kin beide betsjutte. It is dus it algemiene wurd foar 'bokken en geiten', krekt sa't by ús 'skiep' ek betsjutte kin: 'skiep en rammen' of 'eilammen en rammen'. En ek dat is wer krekt en itselde yn it Gryksk. Eins is it dus nuver, om it iene wurd (*skiep*) wol 'algemien' oer te setten (de *skiep* dy't de hoeder oan 'e iene kant plaknimme lit, sille wol foar it measte part wyfkebisten wêze, mar der kinne sachs in pear rammen tusken rinne), en it oare wurd 'spesifyk' as

allinnich *bokken*.

Wêr't wy hjir gau in bytsje lêst fan hawwe, is dat it byld en de tapassing trochinoar rinne. Skiep binne fansels folle nuttiger bisten as bokken. In bok hoege jo mar ien fan foar de keppel, en jonge rammebokjes geane sis mar foar de dea fuort. De skiep hâlde jo sa lang mooglik yn it libben: om elk jier jonge bisten te krijen (ek dêrfoar is ien raam wer genôch) en om de molke. En as de kening dúdlik hiel ûngelikens tinkt oer de beide groepen, leit it yn 'e reden om de iene groep ek yn it byld 'positiver' te beneamen (dus: *skiep*) as de oare groep (dus: *bokken*). Sa dogge de measte oersettings yn Nederlân it.

Lykwols, it byld is dat fan 'e hoeder dy't de hiele dei op 'en paad west hat mei in *mingde* keppele. Yn dy keppele rinne *skiep en geiten*. Omdat se itselde frette en foar de feilichheid hâldt er se moai yn ien ploech - it hat hielendal gjin doel om in aparte keppele mei skiep en in apartenien mei geiten te weidzjen, dat is allinnich mar mear wurk. Mar jûns wurdt it ferhaal oars! De skiep kinne harsels folle better waarm hâlde, en moatte dus net te ticht opinoar. De geiten, mei har tinne hier, kinne better yn in wat lytsere romte oernachtsje, dan hâlde se de waarmte ek better. Elke hoeder mei in mingde keppele hellet dus alle jûnen de beide soarten byinoar wei. It is dus in hiel *neutraal* byld út it deistich libben: de bisten komme 'net sortearre' by de stâl, en de hoeder soarget dat elk bistje yn syn eigen part komt: de iene links, de oare rjochts. Dàt is it byld: *lykas in hoeder de skiep en de geiten útinoar hellet* - alle jûnen, en dat kloppet ek nochris mei it aspekt fan it tiidwurd.

Dan giet it yn fers 33 ynienen nei de tapassing: *En Hy sil se opstelle* - mar dan komt it byld noch eefkes werom: *de skiep oan syn rjochterkant, en de geiten oan syn linkerkant*. Eins soene jo meskien de wurden *skiep en geiten* hjir tusken skrapkes sette moatte ... want dit is net mear it wurk fan 'e hoeder, mar fan 'e kening. Mar de *hoeder* wie yn Jezus syn tiid al sa bekend en fertroud as byld fan de *kening*, dat syn taharkers har der grif net oan steurd hawwe sille.

de 'wurken fan barmhertichheid'

Dêrnei wurdt dan dúdlik makke, wat it kritearium is foar de skieding tusken de 'rjochtfearrigen' en de oaren. As 'rjochtfearnich' wurde oantsjut, dy't de saneamde 'wurken fan barmhertichheid' dien hawwe. Yn 'e oersetting jouwe se net folle swierrichheden. Wat téologysk wol wichtich is, is wer it *aspekt* fan it tiidwurd: Jezus seit net, dat de rjochtfearrigen dy wurken *altyd* of sels *in skoft lang* dien hawwe, hy neamt allinnich *it feit* dat se dy wurken (of guon derfan) dien hawwe. Net in minske hoecht der dus oer yn te sitten, oft hy of sy wol *genôch* barmhertichheid dien hat: neffens dizze gelikenis is it keale feit fan ien kear goeddwaan reden foar de kening om jo by de rjochtfearrigen te rekkenjen.

*finzenis*

Noch in lytse bysûnderheid: it opsykjen fan 'e persoanen dy't fan oerheidswege fêstsitte. Iksels en hast alle Friezen binne fansels grutwurden mei it wurd *gefangenis*. Alle Friezen fiele lykwols ek, dat dat wurd eins gjin Frysk, mar Hollânsk is. Doe't ik mei de jeugd fan CSG Liudger oan 'e gong wie mei de *Bibel yn Gewoan Frysk*, wie der ek gjin inkelde twivel: it wurd 'gevangen(e)' út 'e BGT moast yn it Frysk in *finzen(e)* wurde, want 'as jo in Frysk boek lêze, ferwachtsje jo ek de Fryske wurden'. Dat it Fryske wurd *finzenis*, ek al is it (noch?) gjin sprektaal, sa algemien bekend is, hawwe wy nei alle gedachten oan Omrop Fryslân te tankjen.

Yn 'e tiid fan 'e NFBO wie dat fansels sa fier noch net, en is almeast keazen foar *tichthús*, mooglik omdat dat 'trochsichtiger' is as it wat literêr oandwaande *finzenis*. Mar *tichthús* soene no in protte net begripe, en *finzenis* al. It is in moai foarbyld fan 'e ûntjouwing fan it Frysk as skriuwtal, en dêrom haw ik hast oeral yn it Evangeelje fan Mattéus dat wurd ek brûkt. In inkelde kear, as Mattéus in kear fariearret, haw ik om dy fariaasje te behâlden dochs foar *tichthús* keazen. Of wit ien noch wat *ûnder de blauwe pannen* betsjut?